FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

220705sth

Analyze fan it *Ramtlearplan Frysk yn it fuortset ûnderwiis 2005* en oplossings foar knyppunten

Analyze, kanttekenings en oplossings
Wy geane de siden fan it ramtlearplan bylâns en jouwe ús opmerkings.

- Side 13, *ramtlearplan*, midden: 'It Frysk kin oanbean en keazen wurde as eksamenfak yn it vmbo, havo en vwo. Der binne eksamenprogramma's foar resp. vmbo (GL-TL), havo en vwo; (aanst faaks ek foar vmbo (BB/KB).'

Us opmerkings
Wy tinke dat de provinsjale oerheid yn Fryslân oanstjoere moat op in ferplichting as eksamenfak, lykas by Nederlânsk al desennia wizânsje is (lykweardigens en lykberjochtiging), dus ek foar BB/KB. Wy hawwe de needsaak dêrta al earder yn ús brieven oanjûn. Dan sil it Frysk serieus nommen wurde en sil der oant de ein fan de skoalle ta kwantiteit en kwaliteit levere wurde moatte foar alle learlingen. It nivo fan dy eksamens kin differinsjearje, bgl. by havo en vwo om it helber te meitsjen foar learlingen dy't in minne begjinsituaasje hawwe, bygelyks omdat se noch net sa lang yn Fryslân wenje.

- Side 13, ûnder: Nederlân hat by de ratifikaasje fan it Europeesk Hânfest foar Regionale of Minderheidstalen (1996) goedsein foar it beskermjen en befoarderjen fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis as in yntegraal part fan it learplan' (kêst 8).'

Us opmerkings
Wy misse in krekte definysje fan it begryp 'yntegraal'. It liket in hiel dizenich begryp. De útlis nei de praktyk liket ek hiel ferskillend. It soe neffens ús (ek) sa begrepen wurde moatte dat yn prinsipe alle learlingen it Frysk as fak folgje moatte, sûnderdat der gatten falle yn in trochgeande ûntwikkeling oant it momint dat it as eksamenfak ferskynt. As dat in ferplichting is, dan is it ek in rykssaak/rykstaak en hoecht der gjin provinsjale subsydzjeregeling te bestean.

- Side 14/15 e.f.: par. 1.3.2 'Needsaak fan differinsjaasje'

Us opmerkings
Yn ferbân mei de trochgeande learline is it yndielen fan de learlingen yn Nederlânsk- en Frysktaligen allinnich te ferdigenjen salang't yn de basisûnderwiis de kearndoele net helle wurde. Sadree't dat wol it gefal is, sil der ek foar it Frysk yn it basisûnderwiis in basis lein wurde dêr't it fuortset ûnderwiis op fierder bouwe kin.

- Side 22, midden: 'In oar wichtich elemint fan de trochgeande learline is de mooglikheid om yn de klassen tusken de basisfoarming en de eineksamenklassen ûnderwiis yn it Frysk te folgjen. Foar alles learlingen of as karfak.'

Us opmerkings
It Frysk as 'yntegraal' ûnderdiel fan it learplan kin blykber sa útlein wurde dat tusken de basisfoarming en de eineksamenklassen it Frysk net mear ferplichte is foar (alle) learlingen en dat it in karfak wêze kin. Mar sels dat lêste hoecht net. Dat soe, útgeande fan de beide boppeneamde fûnemintele prinsipen, ûnakseptabel wêze moatte. De garânsje foar in trochgeande line foar eltse learlingen is der net. Wetlike lykskeakeling fan it Frysk oan it Nederlânsk is dus de oplossing. De provinsje sil hjir ek de foarstap nimme moatte.

- Side 22, ûnder: 'De skoalle kin ek kieze foar in learline 'taal' dêr't Nederlânsk en Frysk beide as lykweardich yn ûnderwiisd en leard wurde. [...] Dat begjin mei twatalige leararen, by foarkar learaars dy't beide memmetalen yn Fryslân ûnderwize kinne.'

Us opmerkings
Wy achtsje dit in wichtich punt. Soks mei net oerlitten wurde oan de krêften fan in frije ûnderwiis merk, mar moat sa (wetlik) regele wurde, dat de learaars Frysk/Nederlânsk beide fakken/talen jaan kinne en moatte. De provinsje sil hjir ek de foarstap nimme moatte.

- Side 23, boppe: ‘Foar de longitidunaliteit is it in goed ding as de learlingen alle learjierren troch ûnderwiis yn it Frysk krije soene. Yn de útstellen foar de nije ûnderbou is plak frij holden foar eigen keuzes: ‘de vrije ruimte’. Dy kin straks brûkt wurde om learlingen dy’t dat wolle ek yn klas 2 vmbo en klas 2 en 3 havo/vwo Frysk folgje te litten.’

Us opmerkings
As longitudinaliteit in goed ding is, en dat is it, dan moat men soks net frij litte en ôfwachtsje oft learlingen it yn de ‘frije romte’ kieze sille. Lykweardigens en lykberjochting hâldt neffens ús yn: ferplichte oanbieden en ferplichte folgjen.

- Side 25, ûnder: ‘Foar in fierdere en systematyske ynfolling fan Frysk as fiertaal by oare fakken en leargebieten soe in brede kultuerpedagogyske diskusje oangien wurde moatte oer de kulturele ynhâlden en wearden fan it Frysk en Fryslân, ek yn (ynter)nasjonaal perspektyf.’

Us opmerkings
Wy stimme dêr fan herten mei yn. De oplôgjende kanondiskusje fan hjoed de dei past deryn. Wy hawwe dêr ek in brief oer skreaun oan de provinsjale oerheid. Deputearre Steaten lykje dat wol mei oppakke te wollen. De lanlike oerheid makket wurk fan de lanlike identiteit, nei oantrún fan de lanlike Onderwijsraad. It is de fraach oft in lanlike kommisje de Fryske identiteit syn gerak jaan kin of wol. Wy sille dat dus sels dwaan moatte yn Fryslân, mei de eigen saakkundigens dy’t wy hawwe yn de ûnderskate eigen ynstituten (skoallen, Taalsintrum, Afûk, Fryske Akademy, Universteiten [Leien, Amsterdam, Grins]). Wy tinke dat Fryslân en it Frysk har eigen identiteit hawwe en dy feilich stelle moatte. En dus mei eigen domeinsbekriuwings (op grûn fan in kpd) komme moatte. Alle fakken of leargebieten fan it fuortset ûnderwiis (basisfoarming no: Nederlânsk, Ingelsk, wiskunde, ierdrykskunde, skiednis [stiet ek apart yn it hânfest neamd, kêst 8] en steatsynrjochting, ekonomy, technyk, ynformaasjekunde, fersoarging, natuer- en skiekunde, biology, lichaamlike opfieding, byldzjende foarming, dûns, drama, muzyk) hawwe sokke ‘eigen’ aspekten, oft it no om de taal giet (bgl. de Fryske ‘fakterminology’ fan dy fakken) of kultuer (de spesifike Fryskeigen ynhâlden). Dy eigen aspekten sille ferwurke/yntegrearre wurde moatte yn nije, twa- of trijetalige learmiddels (Frysk-Ned-Ingelsk). Kearndoelen sille dêr (letter) by oanpast wurde moatte (dus earst de ynhâlden en dan de doelen, oarsom as hjoed de dei!) en in wetlike status krije moatte. It probleem fan de dizenigens fan dy doelen is dan ek oplost. Se krije ommers al in ynfolling op basis fan in kpd.

Nei de basisfoarming binne der wer oare fakken, dêr’t Frysktalige en Fryskeigen aspekten in rol spylje [bgl. maatskippijlear]. De provinsje moat de foarstap nimme om ta dy kpd en dy wetlike status te kommen. De útkomsten fan ús eigen, provinsjale domeinsbeskriuwings sille yn relaasje stean kinne (en moatte?) ta de lanlike beskriuwings. Faaks kin der ôfstimming neistribbe wurde fan lanlike en provinsjale ynhâlden: de dialektyk fan twa ferskillende domeinsbeskriuwings kin inoar ek kwalitatyf fersterkje. Dat soe de ynset wêze moatte. Fryslân kin ek hiel goed in idee hawwe fan wat lanlik fan belang is (dus foar alle learlingen yn it lân). Wy tinke oan kennis en ynsjoch oangeande de autochtoane Europeeske taalminderheden, harren talen, kultueren en skiednis en de problemen dêr’t se mei tangele sitte om bestean te bliuwen. Mei dy kennis en dat ynsjoch kinne foaroardielen oangeande dy minderheden bestriden wurde. De âlde Europeeske skiednis sit fol mei foaroardielen en konflikten. Ek de Fryske Beweging is net foar neat ûntstien. De Europeeske yntegraasje freget der om dat sokke kennis net allinnich beheind bliuwt ta de Friezen, mar steatsnasjonaal ferspraat wurdt. It giet dus om folle mear as de ûntwikkeling fan meartalige Europeeske boargers (s. 25).

- Side 29, midden/ûnder: ‘De te berikken doelstellings yn termen fan wat in learling kenne en kinne moat, kinne dan ek net foar alle learlingen deselde wêze. Foar dit ramtlearplan [...] geane wy út fan trije soarten learlingen kwa taaleftergûn en kwa nivo.’ (NN, NF en FF [100% Frysk neffens side 45])

Us opmerkings
Bestiet dy Frysktalige omjouwing noch? Kin it net mei in twadieling ta: Nederlânsktalich grutbrocht en Frysktalich grutbrocht?

- Side 30, midden: ‘Wat de skoallen oangiet, geane wy út fan ien kear wyks Frysk yn it earste learjier. Dat betsjut dat der 40 oeren Frysk jûn wurde. Yn de klassen 2/3 is it Frysk fakultatyf. [...] Dat is net in goede sitewaasje dy’t neffens ús ideaal wêze soe. [...] It soe goed wêze om yn jier 2/3 it Frysk yn it ferplichte programma op te nimmen.’

- Side 37, boppe, midden: ‘Yn de klassen 2/3 is Frysk fakultatyf. [...] Der measte skoallen biede Frysk yn it earste jier oan as ferplichte fak foar alle learlingen. [...] It kin oars wurde as yn klasse 2/3 Frysk keazen wurde kin.’

- Side 42, ûnder: ‘Wy geane der fan út dat de learling dy’t yn de boppebou fan it vmbo Frysk kiest, op syn minst 2 oeren wyks Frysk folge hat yn de ûnderbou.’
- Side 59, midden: ‘De mooglikheid foar learlingen om it Frysk as eksamenfak te kiezen, wurdt grutter as de sprake is fan in trochgeande learline. Dêrom soe it fak yn klas 2 vmbo en klas 2 en 3 havo/vwo op syn minst as karfak yn de frije romte oanbean wurde moatte.’

Us opmerkings
It Frysk as karfak yn de frije romte liketús yn striid mei de wetlike ferplichting foar de basisfoarming (foar safier’t de skoalle gjin ûntheffing hat). It is ek yn striid mei lykweardigens en lykberjochtiging. En it liketús ek folslein yn striid mei de geast fan it hânfest. Der moat sa gau mooglik in ferplichting (foar oanbieden en folgjen) komme foar de hiele trochgeande line (oant en mei eksamen), lykas by Nederlânsk.

- Side 31, ûnder: ‘In taalportfolio foar dosinten: [...] It is ek mooglik om yn it dosinteportfolio de eigen kennis en feardichheden fêst te lizzen. Dêrmei kin it in rol spylje yn de kwaliteitssoarch fan de skoalle en kin it brûkt wurde by bygelyks funksjonearringspetearen.’

Us opmerkings
Der is in soad mooglik yn de wrâld en der kin fan alles. Soms sels as it om it Frysk giet. Mar hiel faak komt der neat fan telâne as it fakultatyf bliuwt yn in wrâld dy’t fol fan (oare) ferplichtings is. It soe dus sûnder mear moatte en it soe ek in rol spylje moatte by funksjonearrings- en beoardielingspetearen. As wy ta moatte op yntegraal en echt twatalich ûnderwiis (‘de twadde taal of de frjemde doeltaal as fier/ynstruksjetaal by it ûnderwiis’, s. 17) yn it fuortset ûnderwiis - en dat moatte wy neffensús -, dan sille de learaars fan oare fakgebieten ek (foldwaande) Frysktalich wurde moatte. Alle learaars moatte ommers ek Nederlânsktalich wêze of wurde. In beskaat diploma/tsjûchskrift is nedich om dat fêststelle te kinnen (nivo B2/C1?).

- Side 32, ûnder en s. 33, ûnder: ‘De didaktyske oanpak is basearre op de útgongspunten fan it ‘nije learen’: finding out by doing it.’ [...] ‘Wy basearjeús op bekende útgongspunten fan it ‘nieuwe leren’’: fan ûnderwizen nei begelieden én fan reprodusearjen nei produsearjen’.

- Side 41, ûnder: ‘Wy achtsje it fan grut belang dat de nije learmiddels Frysk basearre binne op nije ynsichten en doelstellings fan de fernijde ûnderbou. Frysk moat by de tiid wêze en bliuwe en de nije learmiddels moatte in antwurd hawwe op it ferlet fan moderne learlingen yn de setting fan ‘it nije learen. Gearfette [...]’.

- Side 46, par. 3.6 Wurkfoarmen (oer ‘tradisjonele’ en ‘moderne’ wurkfoarmen).

- Side 54, ûnder: Wurkfoarmen: ‘De krekte ferdieling tusken direkte begelieding en selsstúdzje-oeren is, mei ynachtnimming fan de útgongspunten fan it stúdzjehûs, in saak fan skoalle en dosint.’

Us opmerkings
Under oaren nei de ynaugurele rede fan Greetje Van der Werf, Leren in het STUDIEHUIS. Consumeren, construeren of engageren,(2005) liket itús tige nuodlik om jin kritykleas te basearjen op ‘de’ útgongspunten fan it ‘nije learen’. It sosjaal-konstruktivistyske learen is net wittenskiplik fundearre, in ûnderwiiskundich sterk te kritisearjen ideology en kin wolris desastreus útpakke as wy it tige serieus nimme. In grutte warskôging is op syn plak. It selsstannich learen is mear in besunigingstrúk as dat de fertuten dêrfan oantoand binne. Ferl. ek Prick, NRC, 4/5 juny 2005, 49: ‘Dat onderwijsinstellingen het nieuwe leren propageren komt doordat het leggen van de verantwoordelijkheid bij de leerling (zelfstandig werken, zelfbeoordeling, etc.) veel minder arbeidsintensief kan worden gerealiseerd dan traditioneel onderwijs in de vorm van werkgroepen of lesgeven. Op die manier houden zij geld over voor leuke dingen, bijvoorbeeld voor nog meer management. De professionele leraar is een met uitsterven bedreigde soort. Niemand die zich daar druk om maakt. Ging het maar om iets belangrijks, de korenwolf bijvoorbeeld.’

Wy warskôgje foar it útklaaien fan de profesjonele taak fan de learaar en syn/har degradaasje ta begelieder of noch slimmer: surveillant. Goed ûnderwiis kin net sûnder learaars dy’t de tiid krije foar har ynliedende taak. Dat is de kearn fan har profesje. Ek it Frysk is wat dat oangiet in arbeidsyntinsyf fak: derby wêze, derop sitte en rom de tiid hawwe foar útlis en ynlieding. Dan sil neffensús hiel faak (neo-) klassikaal it effektyfst en effisjintst wêze! Par. 3.6 fan it ramtlearplan jout in warskôging om de tradisjonele wurkfoarmen net los te litten. Soks liketús reëler en realistysker as de eardere entûsjaste opmerkings oer it ‘nije learen’. Wy sjogge dochs wat fan in tsjinstelling tusken dizze opmerking en de rest dit ramtlearplan.

- Side 38, boppe: ‘Foar de kearndoelen binne gjin offisjele toetsen (Cito-toetsen of sa); dêr binne de kearndoelen nammers ek te globaal en te frij foar.’

Us opmerkings
Dy toetsing is hiel goed mooglik as nei in domeinsbeskriuwing as risseltaat fan in kultuerped. diskusje (kpd) de winsklike ynhâlden fan it fak Fryske taal en kultuer en de Fryskeigen aspekten fan alle oare fakken, fêst lizze. Dêr moat op oanstjoerd wurde (sjoch ek boppe oer de kpd en de kanon). Sjoch as model de publikaasjes fan it Cito foar it basisûnderwiis oer skiednis, ierdrykskunde en biology.

- Side 41, midden: ‘Op termyn sil der ek in eksamenprogramma komme foar de learweg BB en KB.’
- Side 45, boppe: ‘ Yn it vmbo besteande folgjende nivo’s: 1. lwoo, 2. basis berops (BB), 3. kader berops (KB), 4. mingd/teoretysk (GT; it eardere mavo-nivo). [...] Allinne foar it lêste nivo (nivo 4) is in eksamenprogramma en wurde dus ek eksamens makke. Boppedat is der ûnderfining mei it programma en de PTA-ûnderdielen fan it skoalle-eksamen foar dat nivo. Yn dit Ramtlearplan foar de boppebou fan het vmbo wurde no noch gjin oanwizings jûn foar der earste trije nivo’s. Yn gearwurking mei de skoallen sil dêroan wurke wurde moatte yn in apart projektsje.’

Us opmerkings
Hoe fier is it dêrmei, wetlik en ynhâldlik? Der moat avensearre wurde. Der binne al skoallen dy’t der al in pear jier driuwend ferlet fan hawwe (Skoalle Lyndensteyn bgl.) en learlingen neat biede kinne yn de rjochting fan in wetlik erkende ôfsluting. Om dy reden sjogge learlingen der dan fan ôf en kieze in oar skoalfak.

- Side 46, ûnder: par. 3.7, ‘Oparbeidzjen mei oare fakken en fakûnderdielen.’
‘Benammen foar de kombinaasje Frysk-CKV sjogge wy mooglikheden as it om de kultuer giet. En it soe moai wêze as de skoalle Frysk brûkt as fiertaal by de oare fakken. Oansetten dêrta binne der yn it materiaal fan it CEDIN (GCO*fryslân*) by fakken sa biology en miljeu, ierdrykskunde, geastlik libben en skiednis. Tige wichtich is dat it fak Frysk net in ‘Frjemdkörper’ yn de skoalle is, foar in lyts groepke sûnderlingen: gearwurking mei oare fakken kin dêr tige ta bydrage.’

Us opmerkings
Sjoch ek ús taljochting by side 25. As it wichtich is - en dat is it - dan mei soks net ôfhingje fan de tafallige ambysjes fan de skoallen, mar moatte de winsklike ynhâlden oantsjut wurde yn kearndoelen en opnommen wurde yn eksamenprogramma’s foar Fryslân. De provinsje soe it foech ta formulearring krije moatte en de lanlike oerheid soe dat as wetjouwer oernimme moatte.

- Side 46, ûnder: ‘3.8. Programma-opbou/tiidbesteging (vmbo): Yn de praktyk fan hjoed-de-dei wurdt ien oare jûn yn de tredde klasse en trije yn de fjirde. Better soe wêze: twa yn de tredde en trije yn de fjirde. Noch wer better: twa yn de tredde en fjouwer yn de fjirde.’

Us opmerkings
Wy moatte foar it bêste gean, dat allinnich is goed genôch. De provinsje soe hjir it foech ta krije moatte.

- Side 47, midden: par. ’3.10 Groepsgrutte, oparbeidzjen en telelearen: [...] Kin of wol in skoalle gjin groep foarmje, dan moat de yndividuele learling foar telelearen dochs Frysk dwaan kinne. [...] De provinsje freget in groepsgrutte fan 10 learlingen per learjier om yn oanmerking te kommen foar subsydzje.’

Us opmerkings
Allegeare net-strukturele needmaatregels, omdat it Frysk net in ferplichte trochgeande learline hat. Dêr sil de provinsje dus benammen op ynsette moatte.

- Side 49, A o/m B2, ‘Foarôf: de mooglikheden om Frysk as eksamenfak te kiezen (havo/vwo).’

Us opmerkings
In ferplichting as eksamenfak is de iennichste folweardige en lykweardige oplossing foar it Frysk en net it Frysk as karmooglikheid (sjoch ek boppe).

- Side 50, boppe: ‘It konsept-eksamenprogramma neamt gjin oere-oantallen. De konkretisearring yn sbû’s [stúdzjebelestingsoeren] komt fan de projektgroep en is dus gjin wetlike ferplichting.’

Us opmerkings
De provinsje soe dit oppakke moatte en oanstean op in wetlike ferplichting.

- Side 51, boppe: ‘4.2. Begjinsituaasje fan kandidaten foar de 2de faze, skiften 1 o/m 6.’
- Side 52: par. 4.3, ‘geglobaliseerde examenprogramma’s’ en ‘module-oersjoch’. ’

By in takomstige eksamenferplichting lizze hjir de skiften dy’t eksamen dwaan moatte soene. Learlingen dy’t dêr net ûnder falle, soene op eigen fersyk in frijstelling fan dy ferplichting krije kinne. Dat eksamen soe by havo/vwo minimaal foar alle learlingen (útsein dejingen dy’t frijstelling krige hawwe) omfetsje moatte:
- Domein A (s. 55) de foar alle learlingen ferplichte lêsfeardigens (80 punten).
- Domein E1 (s. 55) de (ferplichte) basismodulen (1) Fryske taal,(2) kultuer en (3) skiednis (3 x 40 oeren) omfetsje moatte.

- Side 56: *Noch better (minimaal foar alle learlingen ferplichte):* ‘De learling moat (neist domein A, 80 punten) de trije basismodulen (E1 3 x 40 oeren) dwaan en dêrneist kin er, mei de ferplichting om twa domeinen te nimmen, út dit domein (E2 o/m E8] fierder safolle kieze as er wol.
Domein A is in sintraal skriftlik eksamen; de oare domeinen falle ûnder it skoaleksamen’ (ferl. s. 57).

Us opmerkings
Lykweardigens en lykberjochting hâldt neffens ús yn dat as it Nederlânsk in eksamenferplichting is foar elts, dat soks yn Fryslân foar de Fryske taal en kultuer foar eltse Fryske learling yn prinsipe ek it gefal is.

- Side 55, boppe: par. 4.7 ‘Oparbeidzjen mei oare fakken/fakûnderdielen.’
‘It is om ferskillende redenen (ûnderwiiskundich, ynhâldlik, emansipatoarysk) fan belang dat it fak net in isolearre elemint op skoalle foarmet. Tagelyk moatte wy reëel bliuwer en ús net al tefolle foarstelle fan strukturele gearwurking mei oare fakken.’

Us opmerkings
As is sa wichtich is - en dat is it - dan mei soks net ôfhingje fan it frije spul fan de ferskillende (fak)belangen op in skoalle. Der sil dus fêstlein (AMVB?) wurde moatte wêr’t soks moat. Wat reëel is, heart ôf te hingjen ôf fan politike maatregels. De provinsje sil dêr mear oer te sizzen krije moatte.

- Side 55, midden: par. 4.8. ‘Programma-opbou/tiidbesteging.’
‘Wy soenen om ûnderwiiskundige redenen foar de hiele boppebou ta wolle op wyks minimaal twa direkte kontaktoeren.’

Us opmerkings
De terjochte eangst dy’t hjir grif mei efterskûlet, is de negative ynfloed dy’t sosjaal-konstruktivistyske learopfettings hjoed de dei hawwe op de kennisoerdracht yn de skoallen. De kultuerpedagogyske ynliedende rol fan de learaar wurdt dêrtroch te lyts. Prestaasjes foar Frysk freegje en tagelyk it selsstannich learen in grut plak taskikke is tsjinstridich, net effektyf en net effisjint. Sjoch ek ús opmerking by side 54 oer it learen yn it stúdzjehûs. De provinsje soe it foech hawwe moatte om skoallen te twingen foldwaande kontaktoeren oan de bieden foar de fakken dy’t te krijen hawwe mei de oerdracht fan de Fryske taal en kultuer. Oars wurdt it in ramp.

- Side 59: ‘Alle skoallen yn Fryslân soene de learlingen de mooglikheid jaan moatte om Frysk te kiezen yn de learjierren 2 en as eksamenfak (ferl. par. 1.4 en 1.6). Yn ferbân mei de mooglik lytse, net rendabele groepkes moatte skoallen de mooglikheden fan gearwurking mei oare skoalle ûndersykje.’[...]
‘De mooglikheid foar learlingen om Frysk as eksamenfak te kiezen, wurdt grutter as der sprake is fan in trochgeande learline. Dêrom soe it fak yn klas 2 vmbo en klas 2 en 3 havo/vwo op syn minst as karfak yn de frije romte oanbean wurde moatte.’ [...]
‘ Besykje oars te roasterjen as ienoerefak. [...] It leareffekt is grutter as it fak faker as ien kear yn ’e wike oanbean wurdt. In foarm fan periodisearring kin helpe, as twa oeren yn ’e wike net te realisearjen is.’

Us opmerkings
Wy roppe mei de fakultativens en frijbliuwendheid hieltiten mar wer it ûnheil oer ús ôf. Der kin in soad en der moat in bytsje. Dat wurket net yn sa'n yngewikkeld krêftefjild fan tsjinstelde belangen. In selde posysje as it fak Nederlânsk yn kearndoelen en yn oere (lykweardigens en lykberjochtiging) is fansels wer de finale oplossing. Sjoch ek ús opmerkings by s. 22, 23, 30, 37, 42, 59.

- Side 60, boppe: 'Fanwegen de op it mêd fan it Frysk heterogene groepen, moat it wurkmateriaal sa wêze dat learlingen harren in grut part fan de tiid sels rêde kinne (selsstannich wurkje). Dat jout ek de mooglikheid om oan te sluten by in oare foarm fan heterogeniteit: niget en wurkwize (learstyl).' [...]'Slút oan by it nije learen en de deistige praktyk.' [...] Mar foaral ek de didaktyk moat by de tiid wêze. It 'nieuwe leren' freget om reële situaasjes, opjeften dy't oanslute by de praktyk, dus by it libben yn ús maatskippij. Dêrby moat it mooglik wêze dat de learling foar in part syn eigen leardoelen en syn eigen leartrajekt kiest.' [...]
'Mar toetsen moatte passe by it ûnderwiis sa't it jûn is, dus der sil safolle mooglik toetst wurde moatte yn reële situaasjes (wurkstikjes en presintaasjes bygelyks).'

Us opmerkings
In krityske hâlding foar it 'nije learen' oer - dus ek dizze útlis fan it nije learen -, bliuwt needsaaklik, sa hawwe wy boppe oanjûn. Benammen as it om it selsstannich wurkjen *giet. Wy soene graach sjen dat objektyf en wittenskiplik oantoand wurdt dat it saneamde nije learen better te hantearjen is en hegere opbringsten jout as it âlde learen. Ek foar de Fryske taal en kultuer. Wy binne dêr lang net gerêst op!*

220705